

## NEI IN STJER SJEN

Ynstee fan in Kulturele Kuier yn 'e hjerst organisearre de GRS hiel wat oars.  
Op sneontejûn, 26-10-2024, kaam in grut tal Freonen nei it tsjerkje fan Sânfurd.  
Oan wjerskanten fan it tsjerkepaad skynden blauwe ljochtsjes, joech de lantearne in skimerljocht yn it kader fan de Nacht fan de Nacht.  
By de ynrin klonk de waarme sound fan gitarist Mario Kramer mei Ierske & Skotske Folk.

As sprekker wie Klaas Ybema útnûge om ús oer de nachtljike himel te fertellen.  
Hy begûn mei it foarlêzen fan in ferhaal út syn boek 'Bern op 'e romte'.  
As jonkje rûn er in kear yn it tsjuster mei syn heit it hiem del.  
Seach nei de stjerren en wat syn heit deroer fertelde, liet him noait wer los.  
Yn it 'Stjerreboekje' fan Walter Widman lies er alles oer de stjerrebylden.  
Hy learde oer de planeten, de moanne en woe alles witte fan in ljochtjier.  
Syn fassinaasje foar it einleaze hielal bliek dúdlik út syn lêzing oer de stjerrekunde.  
Op in âlderwetsk skoalleboerd sketste er like helder de stân fan planeten.  
It kundige ferhaal fan Klaas Ybema stiet op <https://www.gerbenrypma.nl/foto-argyf-2024>

Nei de ferkenning fan it hielal krigen we in foarpriuwke te sjen fan de film oer 'Siedkerlen.'  
Sfearfolle bylden fan de GRS jubileum útfiering op de Midsimmerjûn yn Nijhuzum.  
It lêste part fan de jûn fûn bûtendoar plak, tsjinoer de tsjerke by it Hop.  
Mei help fan oanwizings fan Klaas Ybema ûntdutsen we in stjer. Wie it Saturnus, dy't tusken de wolken troch kipe? Spitich dat der doe gjin klare loft wie foar in stjerrehimel!  
It wie wynstil waar en oer it Hop dreau it lûd fan de tsjusternis.

Mei tank oan de meiwurking fan de koster famylje en oan de katering.

Marije Roorda